

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



38e jiergong - nûmer 1, febrewaris 2015



Durk Breeuwsma

loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl


Kuikens: geef kuikens vanaf de eerste dag Garvo opfokmeel of Garvo opfokkorrel. Het meel heeft een fijne structuur en de korrel is een fijne korrel (2mm). De kuikens eten dit graag en nemen het voer snel op. Bij Garvo opfokmeel en opfokkorrel ligt de nadruk niet speciaal op de groei van alleen vlees, maar op de ontwikkeling van het gehele dier.

Ons Garvo kippenvoer assortiment:

Opfokkorrel	20 kg	€ 13,90
Opfokmeel	20 kg	€ 13,80
Jongehennenkorrel	20 kg	€ 14,80
Legkorrel	20 kg	€ 10,30
Legmeel	20 kg	€ 10,65
Gemengd graan	20 kg	€ 9,75



't Skieppesturtsje – 38^e jiergong – nûmer 1, febrewaris 2015



Redaksje-adres:

**Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338**

**e-mail :
itskieppesturtsje@gmail.com**

Redaksje :

**Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348**

**Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117**

**Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706**

**Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051**

**Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek**

Foto omslach : Gerben Wijnja

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers.*

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave.....	4
Van de redactie	5
Vrijwillige bijdragen	5
JAARVERGADERING EHBO	5
Skieppesturt 2014 foar in bysûnder jier.....	6
In nagelnije Skieppesturt	8
Van Panhuysbrug dicht: pontje voor fietsers.....	9
Nijs fan Eensgezindheid	10
Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.....	11
St. Windkracht Tien.....	11
Website Tjerkwerd.....	12
Nijs fan de Iisklup	14
Aggie Walsma heel blij met eerste marathonzegge	15
Nieuws van Oranjevereniging “Mei Inoar Ien”	16
Oproep Vrienden van Tjerkwerd LIVE!	17
4 mei 2015 Dodenherdenking Tjerkwerd	19
“De Toansetters “ treden op bij jeugdkorpsfestival.....	19
De HUT fan Tsjerkwert in HEA!	20
Oprop	20
Fotoimpressie Skieppesturt 2014	21
Fotoimpressie “de Hut” in Hea!Fotoimpressie De Toansetters tijdens het jeugdkorpsfestival	22
Fotoimpressie Playbackshow 2015	24
Nieuws van stichting It Waltahûs.....	25
It Ijipaaisykjen is foarearst dien	28
Aaifol Trinitas belibbe nijste boek fan Hylke Speerstra	30
Hardrijderijen in Friesland	32
De bruorren Hylke en Bonne Speerstra op ‘e tekst	33
OPROEP FIETSDINER	35
Familieberichten	36
<i>Overleden</i>	36
Bedankt	37
Koken met Riemkje	39
Snypsnaren	40
Kleurplaat.....	41

Van de redactie

Beste lezer.

Met deze eerste Skieppesturt in 2015 hopen we u weer veel leesplezier te geven. Zoals gewoonlijk een verslag van de Skieppesturt winnaar welke op het nieuwjaarsbal bekend werd gemaakt.

Ook is er een oproep om namen te achterhalen van personen op een oude schoolfoto. En uiteraard nog veel meer.

Kortom weer genoeg leesvoer!

De redactie.

Vrijwillige bijdragen

Fam. Hekkema-Kliffen; Mw. A. de Haan; Mw.K. Talsma-Abma; J.S. Reitsma e.o.; H. Terpstra e.o.; Dhr. B.R. Bakker; Dhr. U.B. Wiersma; Mw. E. Huisman-Stellingwerf; R. Steur e.o.; Y.W. Schakel e.o.; C.A. van der Loo

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding

“Bijdrage it Skieppesturtsje” en het jaar waar het betrekking op heeft.

Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward. Rekening; NL34ABNA0847668398



JAARVERGADERING EHBO

Vrijdag 13 Maart 20.00 uur in het Waltahuis

Spreker Dhr. Klaas Rinkema

Onderwerp: Ambulance met een glimlach

Iedereen is van harte welkom!

Skieppesturt 2014 foar in bysûnder jier

By it útrikken fan de Skieppesturt op sneon 3 jannewaris waard ûndersteande nijjerstaspraak holden mei oanslutend it bekend meitsjen fan wa't de Skieppesturt krigen hat.

Oersjoch fan 2014

Folle lok en seine yn 2015, mei nije foarnimmens, nije plannen, en dat yn in wrâld dy't ferhurdet. Wy witte fan de soargen dy't ek Tsjerkwert net mei rêst litten hawwe. Soms wie dat pynlik en die it sear. Soms wie der fertriet om sykte of oare spanningen. Mar tusken dy tsjustere bedriuwen troch wiene der ek ljochtpuntsjes, om fan te genietsjen, om mei inoar wille te hawwen, om ... ja sis it mar.

Unk en fertier

Wy ha as redaksje tasjoen op al dat ûnk en fertier. En foaral de positive aktiviteiten ha ús wakker goed dien. Wat in prachtige projekten krigen yn 2014 stâl. Dêr soe grif in Skieppesturt út wei komme kinne. "Der binne sa'n soad minsken dy't samar wat foar mekoar dogge. En dêr draait it eins ek om by de Skieppesturt," skreau Anneke Feenstra ommers al yn 't lêste nûmer fan 't Skieppesturtsje.

Oarlochsmonumint

Wat te tinken fan it projekt om it oarlochsmonumint hinne. In lytse kommisje hat alles taret om te kommen ta realisaasje fan in plan dat al suver tsien jier bestie. As dat gjin foarbyld fan stoef oanhâlden is dan wit ik it net mear. Der kaam in boek oer út, der waard in monument ûntbleate en it tilde hjir ynienen op fan de pommeranten. Soe dizze kommisje de sturt ha moatte, dan binne Hylke Feenstra, Folkert Schukken en Hylke Speerstra de mannen. Mar hja koene net sûnder de yngripende en profesjonele help fan Klaas Groeneveld út Makkum. Hy miskien? Hy hat hjirfoar bulten wurk ferset.

Kunstrijk Tjerkwerd

Yn deselde tiid soarge Kunstrijk Tjerkwerd foar opsjen en in grut tal projekten. De tsjerke wie wer prachtich ynrjochte mei nij wurk fan ús eigen keunstners en wat ús ferbaasde dat wie, dat der wer safolle nij folk meidie, út it doarp sels en ek fan âld-Tsjerkwerters om utens. Der wie wynkeunst bûtendoar en yn 'e tinte draaiden moaie âlde films. Reden om dy kommisje op 'e nij út te roppen ta Skieppesturt? Sy ha der mear as genôch wurk foar dien. Mar fjouwer jier lyn giene hja ek mei de priis nei hûs. Yn it ferline barde dat wol faker: twa kear de heechste eare fan 't dorp en dan waard der sels noch

sinspile op in tredde kear. Of wie it dochs better ien fan de keunstners apart te nominearjen, bygelyks de 101-jierrige frou De Rijke út Boalsert dy't foarhinne yn Tsjerkwert wenne? It soe wol bysûnder wêze, in kâns dy't wy net wer krije tink ik. Of miskien dochs in eigen Skieppesturt yn de persoan fan Akke Nota dy't mei har kreative aktiviteiten yn 't eardere tsjerkje ús doarp op in eigen wize op 'e kaart set?

Iepenloftspul Meagere Marijke

En dan wie der dat prachtige iepenloftspul. Ek dêr wie in kommisje foar yn tou en dy hie wakker oan it kreawearjen west om der wat moais, wat útsûnderlik nijs foar Tsjerkwert fan te meitsjen. Wy ha der wiidweidich oer berjochte yn ús foarich nûmer. Mar ek hjir jildt wer dat dit net ta stân komme koe sûnder oaren sa as de kreative ynbring fan de skriuwer, master Henk van der Zee en syn rezjy-assistente Joke Schukken. En de technyske help kaam fan bûtenút. Soks smakket nei mear en de ûnderskieding fan Skieppsturt kin sûnder mis in oantrún wêze ta mear.

Stichting De Fryske Molen en har Beabuorstermole

It kwartet meitsje wy fol mei de geweldige restauraasje fan de Beabuorstermole. Yn Stichting De Fryske Mole hat dizze stoere weitser fan it Beabuorster fjild in poerbêste eigner fûn, neidat it Wetterskip de poldermole fan 'e hân die, in eigner dy't dizze mole suver as har eachappel beskôget, der grutsk op is en de weromgong dan ek mei drôvens oanseach. Mar der kaam subsydze los en troch der sels noch in moaie smite jild by te lizzen, koe it molemonumint wer opkreeze wurde en sa is dat tagelyk ek wer klear foar de funksje dêr't er foar boud is. It bestjoer fan dizze molestichting, dy't dit jier al wer 45 jier yn't spier is foar it behâld fan mûnen, wennet lykwols net yn Tsjerkwert, mar oare plakken geane mei it takennen fan de heechste doarps- of stedsear ek wol bûten harren bewennersgrinzen at der fan bûtenút ymponearjende aktiviteiten bydrage oan it wolwêzen of oansjen fan harren eigen krite.

Nije webside

In hânfol prachtige projekten wurdt folmakke mei de realisaasje fan de nije webside fan Tsjerkwert, dit nei in lang foartrajekt. En op 'e nij is der dan wer in kommisje dy't dêr noed foar stie. Krekt yn it nije jier waard it oankundige op facebook en om't elkenien dêr hast wol mei te krijen hat waard de site daliks al goed besocht mei tank oan de wurkgroepleden Jos Falkena, Ans Witteveen en Jan Witteveen. Sûnder it wurk fan Feike Mulder, soan fan ús ferstoarne doarpsarchivaris Gerrit Mulder dy't de sturt alris krigen hat, hie dy side nea de weelderige rykdom hân dy't er foar no en foar de takomst hâlden

bliuwt. In Skieppesturtkâns foar Feike út Gorredyk, dy't al safolle oan it papier en de digitale ynhâld fan de side tabetroud hat?

Sportive hichtepunten

Ek op sportyf mêd waard Tsjerkwert op 'e kaart set. It sportfjild krige in pracht fan in eigen gebou wat realisearre wurde koe troch de ynset fan in grut tal frijwilligers en bydragen út de mienskip. Alwer in kânsdawwer dus. En Ule Haarsma brocht mei syn hynders wer lannelike eare nei ús doarp oan 'e Trekfeart. En dan wie dêr ynienen reedrydster Aggie Walsma dy't de renomearre Sjoerd Huisman Bokaal mei nei hûs nimme mocht. Sy soarge foar de earste kear yn har reedriderskarriêre foar in earste priis op it heechste nivo. En at wy Aggie leauwe meie, bliuwt it hjir net by. Mar ja, sy wennet net mear op Ymswâlde hê, mar yn Boalsert.

Konklúzje

Dêrmei is tagelyk in bysûndere konklúzje te lûken: in protte nammen dy't ik neamde ha fan alles foar it doarp dien, mar wenje hjir net mear of ha hjir sels hielendal nea wenne. Sa kaam der fan bûten folop omtinken foar Tsjerkwert. Omdat ús doarp dat wurdich is, om't der kreative ideeën libje dy't oansprekke, om't der weardefolle monuminten binne dy't net allinne wy koesterje. Miskien moatte wy ús belied wat dit oanbelanget dochs nochris oanpasse. Mar leaver sjogge wy dat de ynset foar Tsjerkwert fan eigen minsken komt dy't hjir no wenje en op tal fan aktiviteiten ek op inoar oanwezen binne. Dêrmei wolle wy it wichtige omtinken dat wy fan bûtenút krigen ha lykwols net lytsachtsje want soks jout wol foldwaning. In oare konklúzje is dat der folop sprake is fan kommisjes dy't saken mei inoar oanpakke.

Minsken belûke yn 'e mienskip sil ek foar dit jier in útdaging bliuwe om dy mienskip oerein te hâlden. Mei passy der foar inoar wêze moat foarop stean, foar help en stipe. Dan kin 2015 in respektfol en poerbêst jier wurde.

Gerben D. Wijnja

In nagelnije Skieppesturt

Hat dit noed stean foar it doarp dan ek in nagelnije Skieppesturt oplevere? Dêr wie it folk en de redaksje op dy tredde jannewaris dochs ek foaral foar kommen. In stikmannich ynweners hie sels pinne of snodefoan, pc of laptop oppakt om ien te nominearjen. En wat stie dêr faak deselde namme op foar alle aksje dy't dizze persoan by de ein hie yn har striid tsjin de nije wynmoleplannen. En dan bedoele wy dus in lid fan ús redaksjeteam, mar dy 'fliger' (draak) gie net op omdat it takennen fan ús Skieppesturt meastentiids

gjin eigen redaksjeleden oanbelanget, al die it Anneke Feenstra tige goed dy stipe út it doarp te ûnderfinen.

Mar der wie noch in frouspersoan dy't yn ús eagen altyd yn 't spier is foar tal fan ferienings en it wolwêzen fan it doarp en dêrby mei alle respekt seit wat se op har lever hat. Rjocht foar de raap, mar earlik, kritysk en saakkundich. Mei dy wurden ha wy har ynset gearfette. Op har frijwilligerswurklist steane: It Pjutteboartersplak, de MR fan de skoalle, de GMR fan de oerkoepeljende organisaasje fan basiskoallen yn 'e eardere gemeente Wûnseradiel, de Oranjeferiening, frijwillichster by it Waltahûs, kommisjelid fan de buertferiening Sylroede Dyksicht en sûnt dit jier yn de 4 maaie kommisje. It is de frou dy't fan alles wie en dat noch is en der grif ek net sûnder kin: Anita Hekkema. Sy koe der net by, hie neat troch hân en wie suver wat emoasjoneel. Mar o, wat die it har goed en wat ha wy neidetiid smaaklik gearsitten, mei de bern derby. Dat dy tafallich dy jûns fan de party wienen, hie har net oan it tinken set. En mei inoar hie de famylje swijd yn alle talen. Nei ús gearsit sette se ta op 'e mikrofoan om elkenien te betankjen. De seal krige in drankje oanbean fan har en dêrnei bleau it noch lang gesellich yn it doarpshûs mei in posityf praat oer de earfolle ûnderskieding. Anita hat it fertsjinne. 2015 kin ek op har ynset wer rekkenje. Itdoarp Tsjerkwert mei har der tankber foar wêze en dêr draacht de Skieppesturt mei oarkonde as erkenning en wurdearring oan by.



Gerben D. Wijnja

Van Panhuysbrug dicht: pontje voor fietsers

De Van Panhuysbrug bij Tjerkwerd was zaterdag 1 november afgesloten voor al het verkeer. Auto's moesten omrijden. Voor fietsers en wandelaars was er een pontje (zie foto).



Hjerstkonsert 1 novimber 2014

Op 1 novimber ferline jier fûn yn 't Waltahûs een hjerstkonsert plak. Yn gearwurking mei de Koudumer band 2Stroke waard der in moai programma del setten. Bekende stikken waarden útfierd lykas 'Don't cry for me Argentina', 'I'm so Excited' en 'The Preacher'. It jeugdorkest de Toansetters spile in noatsje mei en nei de tiid koe eltsenien mei muzyk van 2Stroke gesellich neigenietsje. It korps stie ûnder lieding fan Roelof Bakker en it jeugdorkest ûnder lieding fan Almer Zijlstra.

Krystkonsert 21 desimber 2014

Yn 'e Sint Petrustersjerke te Tsjerkwert organisearre Eensgezindheid op 21 desimber in krystkonsert. Oan dit konsert waard meiwurking ferliend troch it dûbeldkwartet Sadwaande fan De Lemmer. Dit wie een groep fan acht mannen te sjongen ûnder begelieding fan in akkordeon. Der waarden fansels allegearre krystferskes 'ten gehore gebracht' en ek song it dûbeldkwartet mei it korps in oantal stikken mei. Wy as korps wiene tige optein dat ús Jeanette wer opknapt wie fan in operaasje en ús wilens it krystkonsert wer dirigere koe.

Krystmoarn

Op krystmoarn ha wy mei in selekt selskip op de iere moarn trocht it doarp west om eltsenien moaie krystferskes hearre te litten. Nei ôfrin wiene wy wer wolkom by Joop en Akke yn 't tsjerkje foar in lekker krystbrochje. Nettsjinsteande dat Akke de wike derfoar ûngelokkich fan de trep fallen wie, koe mei wat help fan buorlju dit brochje trochgean. Grandioas!

Spylje in fleurich noatsje mei!

Hawwe jo/hasto yn it ferline wolris in ynstrumint bespile? En jokket it wolris? Dan binne jo/bisto by dizze fan herte útnoege om in moai noatsje mei ús mei te spyljen! Wy binne tige optein mei ús jeugdleden mar ek âldere leden binne by ús fan herte wolkom! Ynteresse, nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden. www.fanfare-eensgezindheid.nl

Op de Aginda

- Try-out – Gouden Spyker festival, 21 maart.
- Koningsdag, 27 april.
- Deadebetinking, 4 maaie.
- Gouden Spyker Festival, 9 maaie.
- Rastede Dútslan, 27 en 28 juni.

"In doarp mei in korps hat krekt dat, wat in doarp sûnder korps net hat!"
www.fanfare-eengezindheid.nl of folgje ús op **Twitter** en **Facebook!**

Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Dorpsbelang Tjerkwerd e.o. is het jaar begonnen met 3 nieuwe bestuursleden. Na het aftreden van Rob, Betty en Bouwe zijn Anneke Speerstra, Joke de Jong en Bertus-Rinse Bakker toegetreden tot dorpsbelang.

Het komende jaar gaan we aan de slag met de volgende speerpunten:

- Hemdyk en parallelweg Bolswarderweg
- Samenwerking/overleg WK10
- Zorg en leefbaarheid
- Woningbouw in Tjerkwerd
- Duurzaamheid en energie
- Jeugdactiviteiten

Voor een gezamenlijke aanpak van de Hemdyk wordt overleg gevoerd met de omliggende dorpen Blauwhuis en Dedgum.

Regelmatig wordt op de ledenvergadering van dorpsbelang gevraagd om "kleine" zaken bij de gemeente te melden. In veel gevallen gaat het hierbij om het netjes houden en de veiligheid van de openbare ruimte.

Ziet u iets wat stuk is of iets wat opgeruimd moet worden? Meld het bij de gemeente Súdwest-Fryslân. Dit kan via:

- de website van de gemeente - www.sudwestfryslan.nl /iets te melden
- de gemeente app (súdwest-fryslân)
- bellen met 0515 - 48 90 00 (algemene nummer)


Dorpsbelang Tjerkwerd vergadert elke eerste maandag van de maand. De volgende vergadering is 2 maart. Nadere informatie vind u ook op de website www.tsjerkwert.nl.

Bestuur Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

St. Windkracht Tien

Tijdens de jaarvergadering van Dorpsbelang op 21 nov. 2014 hebben wij een overzicht van de gehonoreerde aanvragen gegeven. Hierbij willen wij de niet aanwezige dorps-bewoners ook nog informeren.

Gedurende het jaar 2014 is er een lagere produktie (24.000.000 kWh) geweest dan in het jaar 2013 (26.880.000 kWh). In de loop van het jaar 2015 vervalt de subsidie op de levering van stroom voor de 6 in het jaar 2008 geplaatste molens.



De onderstaande aanvragen zijn door ons in 2014 gehonoreerd:

School – pannaveld op schoolplein	€ 911,-
Eensgezindheid – aanschaf tbv instrumenten etc.	3.722,-
EHBO – aanschaf EHBO rugtassen	150,-
Fitness – aanschaf ballen	150,-
Kerkeraad – bijdrage kinderkerstfeest	250,-
Kaatsver. – shirts/broekjes jeu de pelote partuur	225,-
Commissie 4 mei – vlaggemast tbv monument	250,-
Oranjeveer – garantstelling tbv koningsdag/dorpsfeest	
Oranjeveer – Prikkabel led verlichting	150,-
Soos 60+ - bijdrage middag	150,-
Ysclub – aanschaf sneeuwschuiver	1.200,-
Zonnepanelen – 2 keer	500,-
Singel – bijdrage open lucht spel	1.233,-
Website Tjerkwerd	770,-
Dorpsbelang – verlichting voetpad sportveld	2.510,-
Dorpsbelang – zonnepanelen kleedruimte sportveld	2.500,-

Totaal	€ 14.671,-

Sinds 1998 hebben wij € 131.000,- uitgekeerd, o.a. aan Eensgezindheid € 18.000,-, Kaatsver./kleedruimte € 20.000,-, Pjuttehonk € 11.500,-, Speeltuinen € 15.000,-, Waltahûs € 15.000,-, Oranjeveer. € 5.500,-, Babuurstermôle € 6.000,-, energie-akties € 10.000,- en diversen 30.000,-.

Onze actie voor de aanschaf van zonnepanelen is nog steeds van kracht. Een aan-vraag met een kopie-faktuur van de aanschaf van deze panelen kunt u het gehele jaar indienen bij Jos Falkena, Sylroede 13, Tjerkwerd of eventueel via ons mail-adres : windkracht10tjerkwerd@gmail.com.

Het bestuur.

Website Tjerkwerd

Beste inwoners van Tjerkwerd,



Aan het begin van dit nieuwe jaar is de nieuwe website van Tjerkwerd online gegaan: www.tsjerkwert.nl. De komst van de website is het resultaat van een heel lang voortraject; wij zijn dan ook blij de website nu aan u te kunnen tonen en hopen dat er veelvuldig gebruik van wordt gemaakt.

De website wil een toevoeging zijn voor de dorpsgemeenschap: **vóór en dóór het dorp!**

Alle verenigingen, bedrijven, personen, stichtingen, besturen en andere betrokkenen in en om Tjerkwerd wordt gevraagd bijdragen te leveren. Zo

kunnen we met elkaar de inhoud van de website verzorgen en actueel houden. Een ieder is dus uitgenodigd om de website te bekijken, verbeterpunten door te geven, te promoten en bijdragen te leveren! We geven op de nieuwe website speciale aandacht aan Tjerkwerds historie, in de vorm van 'Mulder's Archief'. In 2005 hebben Feike Mulder en Gerrit Mulder de website tsjerkwert.nl opgericht. Hun grote verzameling foto's, verhalen en bijzonderheden krijgt op deze wijze een eervolle plek op het wereldwijde web.

Wat vragen we van u? Bent u lid van een vereniging of eigenaar van een bedrijf, dan zouden wij graag een bijdrage in de vorm van een tekst, eventueel met foto, voor op de website ontvangen. U kunt hier op de website voorbeelden van vinden ('Verenigingen'/'Bedrijfsleven'). Daarnaast willen wij graag wekelijks nieuwtjes op de startpagina plaatsen. Heeft u nieuws, stuur het ons, het liefst met een foto. Twijfel niet om in te sturen, ook als u niet zo goed bent in spelling. Wij kijken er tevoren nog even naar.

Ook voor de vaste rubrieken op de website, zoals 'Dorpsbelang', 'Voorzieningen' en 'Agenda' en 'Tjerkwerd' hopen we bijdragen van u te krijgen. Niets op de website staat vast en we zouden daarom de inbreng uit het dorp erg waarderen. Het is mogelijk documenten toe te voegen met bijvoorbeeld reglementen, formulieren of extra informatie. Dit kan in meerdere bestandsformaten; voor de mogelijkheden kunt u contact opnemen met de werkgroep 'Website'. De agenda op de website wordt gekoppeld aan de M.A.T., zodat alle verenigingen bij het plannen van activiteiten in de agenda van tsjerkwert.nl kunnen participeren. Hierbij is het dus van belang dat u, wanneer u een datum heeft, deze meteen doorgeeft, zodat deze meegenomen wordt in een jaarplanning. Voor bijdragen in de agenda kunt u ook contact met de werkgroep opnemen.

Ook de dorpskrant 't Skieppesturtsje wordt op de website geplaatst, zodat ook mensen buiten Tjerkwerd, die de 'sturt' niet ontvangen deze digitaal kunnen lezen. Het ligt in de bedoeling ook voorgaande edities op de website te zetten.

U kunt uw bijdragen voor de website sturen naar:
websitetsjerkwert@gmail.com

Met vriendelijke groet, namens het dorpsbelang Tjerkwerd e.o., de werkgroep website tsjerkwert.nl,

Jos Falkena, Ans Valkering, Jan Witteveen, Danielle Kraft en Jan Kroontje

Nijs fan de Iisklup.



Nei moai wat iisjierren ha wy it ôfrûne seizoen “13/”14 in rêstich jier hân foar de iisklup. Mei de berjochten no fan in waarmtegolf yn desimber sjocht it er ek net nei út om de redens út it fet te heljen. Mar wa wit.

Mei in winter sûnder iis giet de iisklup mei har leden nei Thialf ta om dêr de redens ûnder te binen. Yn’e foarjiersfakânsje ha wy mei 37 leden, lyts en grut nei ‘t Hearrenfean west. Dêr ha wy moai riden en it wie in tige slagge moarn. De iisklup hat ek in twaddehâns snieskower oanschaft mei finansjele stipe fan “Windkracht 10”.

Op 28 novimber 2014 ha wy ús jiergearkomste holden. Hjir wie in moaie opkomst. Nei 8 jier ynset foar de iisklup ha wy ôfskie nommen fan Evert Bakker en ha wey Ids Schukken wolkom hjitten.

Yn’e jiergearkomste ha wy it ek hân oer it lidmaatskip fan de KNSB. Troch ien fan de leden is op in foarige gearkomst frege nei it doel/nut fan it lidmaatskip fan de KNSB. Foar in lytse iisklup binne it grutte kostenposten. It bedrach giet neffens it tal leden per iisklup. Wy binne no mear as € 190,- kwyd. De KNSB stiet fier fan de natoeriisklups ôf en is mear rjochte op it langebaanriden, marathonriden, ensfh. Yn dy tiid dat wy as iisklup dêr mei dwaande wiene, ha wy in skriuwen fan de Bûn fan Iisklups Gewest Fryslân krigen. Sy wolle in nije ferieniging oprjochtsje. Dizze nije ferieniging wol mear foar de iisklups betsjutte. Doe mei de jiergearkomste wie noch net alles dúdlik. Dat woene we yn’t Skieppesturtjse efkes taljochtsje. Twa besjoersleden ha nei in ynformaasje dei west en der is no mear dúdlikens. Dizze nije ferieniging kin ús û.o. it folgjende biede:

- ✓ Sy kinne de iisklups advys en stipe jaan oer allerhande saken (wedstriden, simmeraktiviteiten, oanlis natoerisbanen, problemen mei de ferhierder, gemeente ensfh)
- ✓ Mei koarting westriden besykje.
- ✓ In winter gjin iis dan mei de leden nei Thialf of de Elfstedenhal om in leuke dei te organisearjen.
- ✓ De kosten binne foar alle ferienigingen € 125,-.
- ✓ Fersekering foar oansprakelijkheid fan minsken en materiaal.
- ✓ De Buma/Stemra rjochten sitte hjir ek by yn.
- ✓ De nije ferieniging is lid fan de KNSB, sadat wy automatysk/sydlings ek lid binne fan de KNSB.

Wy as bestjoer fiele mear foar dizze nije feriening en sy kinne ek mear foar ús betsjutte. No kinne wy net fan de KNSB lid bliuwe en fan de nije feriening. Wy wolle dan ek graach it lidmaatskip fan de KNSB ditjier opsizze en it kommende jier lid wurden fan de nije feriening. Binne jo it as lid fan Iisklup Tsjerkwert net iens mei dit beslút dan kinne jo nei de iisklup maille: iiskluptsjerkwert@hotmail.nl of jo kinne skilje til. 0515-579596.

Graach jo reaksje foar 30 april 2015.

Yn'e omfraach wie de fraach om de Parodialoop hjir wer ris te organisearjen. Dit punt sil de iisklup de kommende tiid útwurkje.

Nei de jiergearkomst ha Aggie Walsma en Peter Nauta it wurd hân. Sy holden in presintaasje oer it marathonriden. Mei in soad enthûsiasme ha se hjir oer ferteld. Wy ha foto's sjoen en ek noch in moai filmke fan Aggie mei har earste oerwinning by it A peleton yn Hoorn. Tige tank foar jimme bydrage.

Tongersdei 15 jannewaris 2015 ha wy as bestjoer byelkoar west om as iisklup mei help fan buurtsportcoach Aggie Walsma en Jaap van Lingen, ien fan de inisjatyfnimmers en organisatoaren fan de Parodialoop, te sjen om de Parodialoop wer nij libben yn te blazen. Sa't it no liket sil de loop plak fine op snein 3 maaie. Dizze datum is noch ûnder foarbehâld. Ek is it idee oppere om foar de Parodialoop in Kidsrun foar de Tsjerkwerter basisskoallebern te organisearjen. Ek is der praten oer in hurddraafclinic. Hjir wurdt de kommende tiid allegear hurd oan wurke en jimme wurde op'e hichte hâlden fia de M.A.T.

Sneon 17 jannewaris binne wy mei sa'n 23 entûsjaste leden nei't Thialf Stadion ôfreizge. Nei de presintaasje fan Aggie en Peter wie eltsenien no wol nijsgjirrich om in marathon wedstryd yn it echt te sjen. Wy wiene dêr by de 14e lannelike KPN marathon cup. Earst wiene de Topdivisie Dames oan'e start dêr't wy ús pleatslike favoryt Aggie Walsma oanmoedigen. Der wie in moai spandoeke makke, de Tsjerkwerter flagge wie mei, Sjoerd yn fol ornaat, mar it mocht net bate. Aggie hat poer bêst riden, mar spitich gjin poadium plak. Hjirnei kamen de 1e divisie Heren oan'e beurt mei de grutte kanonnen. Hjir wie Jorrit Bergsma de grutte winner.

En as ôfslúting fan de jûn kamen de Topdivisie Heren oan'e start. It wie moai om te sjen hoe't de froulju en mannen sa alderferskuorrende hurd oer it iis fleagen. Nei in jûn reedriden sjen wolle we sels ek graach ride, dus lit Kening Winter no mar komme!

Iisklup Tsjerkwert

Aggie Walsma heel blij met eerste marathonzege

HOORN – Aggie Walsma won zaterdag de eerste Sjoerd Huisman Bokaal in Hoorn. Het was haar eerste marathonzege. (uit het BN van 24-11-2014)

De als buurtsportcoach voor de gemeente Sudwest Fryslan werkende Walsma kwam solo aan nadat ze in de finale met Iris van der Stelt en Anneke Peters uit het peloton was ontsnapt. Van der Stelt legde beslag op de tweede plaats, Mariska Huisman won de sprint van het peloton dat net op de streep Peters bijhaalde.

Walsma was donderdag nog vierde geworden in Dronten toen ze ook meeding in de juiste ontsnapping. In Hoorn profiteerde ze optimaal van een net stilvallend peloton om snel een voorsprong te pakken in de beslissende fase van de wedstrijd. Het peloton schoot niet snel genoeg meer in gang om het drietal te achterhalen. Met het ingaan van de laatste ronde had Walsma de kop gepakt om daarmee snel haar medevluchters te lossen.

Solo kwam de verbouwweerde in Tjerkwerd geboren Bolswardse juichend over de streep. Vorige week gaf ze in het Bolswards Nieuwsblad al aan dat ze sprongen maakt, maar verwachtte ze nog niet op korte termijn een top-3 klassering. Met de zege in Hoorn verbaasde ze iedereen en vooral zichzelf. „Pas fyftich meter foar de streek duorde ik de hannen omheech te dwaan. Ik wit net wat ik allegear die, mar ik wie sa bliid.”



Nieuws van Oranjevereniging “Mei Inoar Ien”

Inmiddels heeft de Jaarvergadering van de Oranjevereniging Mei Inoar Ien plaatsgevonden. Het bestuur kijkt tevreden terug op het jaar 2014. De activiteiten zijn zeer geslaagd geweest, de eerste Koningsdag, het dorpsfeest met het thema "Expeditie Tjerkwerd" en de intocht van Sinterklaas met zijn Pieten.

Verslagen van de feestelijkheden hebben jullie kunnen lezen ofwel in "Het Bolswards Nieuwsblad", op de site van "het Bolswards Nieuwsblad", de site van Tsjerkwert of in de "Skieppesturt".

Door persoonlijke omstandigheden van bestuursleden heeft het bestuur van Mei Inoar Ien, ook het afgelopen jaar heel wenselijk hulp van vrijwilligers/oud bestuursleden gehad bij het organiseren van bovengenoemde activiteiten. Waarvoor dank!

Er heeft een bestuurswissel plaatsgevonden, Anita Hekkema verlaat de OV na 6 jaar, Mireille Galema neemt "het stokje over"!

Ook dit jaar zullen we weer een mooi programma neerzetten, te beginnen bij Koningsdag; Maandag 27 april. U kunt verwachten dat wij twee weken daarvoor de contributie voor de Oranje vereniging innen.

Het dorpsfeest is dit jaar 28 en 29 Augustus en op 30 augustus wordt afgesloten met een tentdienst. Het thema van het dorpsfeest is

"Vrienden van Tsjerkwert Live!" zie oproep!!

De Intocht van Sinterklaas en Pieten zal 21 november zijn. Zie ook de aankondigingen "Op de MAT".

Het bestuur van Mei Inoar Ien heeft er zin in en hoopt op enthousiaste deelname van iedereen!

Namens het bestuur,

Anita Hekkema



Oproep Vrienden van Tjerkwerd LIVE!

Je houdt van muziek en je vrienden zeggen dat je best wel talent hebt. Maar de stap naar 'de Voice' of 'Holland got talent' is er net één te ver. Dan is dit je kans!

Voor het komende dorpsfeest (28 en 29 augustus) organiseren de Oranjevereniging en Eensgezindheid een muziekspektakel in de feesttent met live muziek: de Vrienden van Tsjerkwerd Live. Ondersteuning van de optredens door een live band en blazers.

Trek je stoute schoenen aan en grijp die kans.

Opgave **voor 20 maart** via

vriendenvantjerkwerdlive2015@gmail.com

Efkes
d'r op út?

stap in de Tellens belbus!



Bent u inwoner (jong of oud) binnen de regio Blauwhuis, Heeg en IJlst en omstreken? Dan kunt u gebruik maken van de milieuvriendelijke Belbus van Tellens met chauffeur! Voor korte ritten binnen deze regio. Dit kan 7 dagen per week, van 8:00 tot 20:00 uur. Per 5 km kost het 1 euro per persoon. U wordt thuis gehaald en bij de deur afgezet.

In overleg is begeleiding mogelijk door de chauffeur. De chauffeur kan ook op u wachten of u op twee bestemmingen achter elkaar brengen.

Boeken van een rit of meer informatie?

Bel tijdens kantooruren:

4 mei 2015 Dodenherdenking Tjerkwerd

Zoals u allen bekend is na een aantal jaren voorbereiding door een paar initiatiefnemers een monument geplaatst op het kerkhof te Tjerkwerd. We hebben het monument afgelopen jaar op 4 mei onthuld. Het monument is geadopteerd door leerlingen van de Reinbôge. Zij hebben een groot aandeel in de voorbereidingen en hebben een rol tijdens de herdenking.



Het herdenkingscomité bestaat uit de volgende personen;

- Mireille Galema namens de ouderraad van basisschool de Reinbôge
- Evert Bakker namens de kerk
- Foekje Bakker namens het korps
- Anita Hekkema namens de Oranjevereniging
- Joke de Jong namens Dorpsbelang

Er is ondertussen een draaiboek gemaakt en de voorbereidingen zijn al in gang gezet. Voor het eerst zullen we dit jaar de dodenherdenking tegelijk vieren met het de rest van Nederland.

We hopen u allen te mogen begroeten op 4 mei om 20.00 uur bij ons monument. Voor verdere informatie houd" op de M.A.T. " in de gaten.

Met vriendelijke groet,
Namens het comité.

"De Toansetters " treden op bij jeugdkorpsfestival

Zaterdag 24 januari ging het jeugdorkest "de Toansetters" richting Oppenhuizen voor het jeugdkorpsfestival.

Ons jeugdorkest staat sinds de zomer onder leiding van Almer Zijlstra uit Arum. We bestaan uit elf leden en voor deze gelegenheid speelde Bouwe Speerstra op bas en Aly Schakel deed mee op tenorsaxofoon.

Om 19 uur begon het festival. Ons optreden begon om 20 uur, voor een hele volle zaal! We speelden het stuk "Durkle bandrydgc suite" dit bestond uit meerdere delen.

Als presentatie was er een verhaallijn bedacht en de typetjes die in het stuk voorkwamen werden gespeeld door enkele leden. Al met al heel geslaagd! Ondanks dat we het kleinste en jongste orkest waren was het een super leuk optreden.

Iedereen kan er met veel plezier op terug kijken en wat fantastisch om voor zoveel publiek te mogen spelen! *Voor foto's kijk in het midden van deze Sturt.*

De HUT fan Tsjerkwert in HEA!

Yn Tsjerkwert stiet in machtich moaie beamhutte en dy is makke troch de bern út it doarp. Se wurkje der alle dagen mei har allen oan. Hout sykje, spikerje en slepe. Om it jild foar nije planken of spikers byinoar te krijen, leverje se lege flessen yn. It is hurd bealgjen, mar de timmermanlju en -froulju fan Tsjerkwert binne supergrutsk...

<http://www.omropfryslan.nl/utstjoering/hea-fan-13-novimber-2014-1820>

Sjoch foar foto's fierderop in dizze doarpskrante!

Oprop



Wa wit de nammen fan de bern op dizze âlde skoalfoto? Der misse noch wat nammen. Hylke Speerstra soe it graach witte wolle.

Wy sjogge bern fan de 5e en 6 e klasse fan de kristlike skoalle yn 1947 mei yn 'e midden master Sjoerd Hibma. En middenfoar Hylke Speerstra tusken syn beide maten Folkert Schukken (links) en Hein Gietema yn..

Reaksjes oan de redaksje wurde trochstjoerd naar Hylke. Wy hope yn it kommende nûmer de nammen bringe te kinnen en faaks dat der ek noch wol moaie oantinkens boppekomme. Dy binne fansels ek wolkom.

De redaksje



Skieppesturt 2014 *Anita Hekkema*







De Toansetters!





Nieuws van stichting It Waltahûs

Net als altijd hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs.

Een korte terugblik van wat er dit seizoen tot nu toe georganiseerd is: In de herfstvakantie hadden we weer de gebruikelijke filmmiddag voor de kinderen en filmavond voor de volwassenen. De filmkeuze is altijd wat lastig; moet 1 zijn die nog niet iedereen heeft gezien maar moet ook wel iedereen aanspreken. De keus voor de kinderen leek wat te moeilijk zijn maar die voor de volwassenen (Pompeii) werd wel leuk gevonden. Nadien werd nog gezellig nagepraat en geborrel

Op vrijdag 24 oktober hadden we weer de grote kwisavond. Vorig jaar was dit wederom een groot succes dus toen besloten om ook dit jaar de strijd tussen de verenigingen aan te gaan.

Er hadden zich maar liefst 15 teams! van (bestuurs)leden van de clubs/verenigingen opgegeven om te strijden wie de meeste kennis bezit. We hadden weer flink wat vragen bedacht in diverse categorieën en bleken ook deze keer soms best pittig te zijn. Er was ook weer een proeverij bij, deze keer moesten er likeurtjes geproefd en geraden worden.

De Kaatsclub doet bijna elk jaar mee voor de prijzen en ook dit jaar stonden ze in de pauze bovenaan met de meeste punten, na de break zetten de Fitness Froulju een eindsprint in en bleken op het eind exact de zelfde punten als de Kaatsclub de hebben. Ook de 2^e plek was een gedeelde plek van de EHBO samen met de MR/OR. Nadien werd nog lang nagepraat over de vragen en de antwoorden onder het genot van een borrel, kortom het was weer een leuke avond.



V.l.n.r.: Fitness foar Froulju : Stella vd Zee, Hinke Brandsma, Jantsje vd Stap, Ans Valkering, Kaatsclub: Jetske Dijkstra, Sjoerd Bouma, Seakle Witteveen en Bert-Jan Oudekerken

De dames en heren sociëteit willen we proberen een vast karakter te geven en werd door Germ en Jaap op 7 november georganiseerd. Er waren zo'n 35 mensen en hebben gezellig spelletjes gedaan, wat gedronken en gekletst. Toen afgesproken om dit seizoen dit nog een keer te houden dus op 20 februari ook weer een gezellige soosavond.

21 november was er Dorpsbelang vergadering met een grote opkomst. Na de vergadering kon iedereen wel een drankje gebruiken en werd nog nagezeten, de dag erna was er de Sinterklaasintocht met hulp van de Wegenwacht.

Op 26 november hield de IIsclub hun jaarvergaderingen waar zo'n 35 mensen naar het verhaal van onze lokale schaatscrack konden luisteren. De kerststukjes zijn dit jaar op 12 december gemaakt, het clubje was niet zo groot maar zijn weer zeer creatief bezig geweest met begeleiding van Thea, nog bedankt hiervoor!.

De rond Kerst terugkerende zaken zoals 60+ soos en kerst klaverjas ontbraken natuurlijk ook dit jaar niet.

Op 31 december waren de doffe knallen van onze carbidschieters weer in de wijde omtrek te horen en konden ze nadien samen met de toeschouwers weer terecht in het Waltahûs voor olieballen en een drankje. Vanaf 1 uur was ie weer open en ging door tot in de kleine uurtjes.

Zaterdag 3 januari kon iedereen elkaar weer een goed Nieuwjaar wensen op het Nieuwjaarsbal. Muziek werd verzorgd door Marcel Kramer en tussendoor werd de Skieppesturt uitgereikt aan Anita als dank voor haar jarenlange inzet in de diverse verenigingen. Ook dit jaar geen bestuurswisseling van de stichting want Afke heeft aangegeven nog een periode door te willen gaan. Onze centjes zijn dus de komende tijd nog onder haar beheer.

De playbackshow werd een weekje eerder gehouden en viel nog net in januari. Ook dit jaar liepen de opgaves niet echt storm maar uiteindelijk hadden we 11 acts.

Bij de kinderen was maar 1 aanmelding; Hinke, Lieke en Iris stonden een stevig potje te rocken met het nummer Wat nou!? van Hit! Hopelijk volgend jaar weer wat meer opgave in deze categorie.

